

Provinsjale Steaten fan de provinsje Fryslân
FNP Fraksje
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 2 maart 2021
Ferstjoerd, **- 5 MAART 2021**

Ús merkteken : 01850054
Ôfd/Opjefte : Ekonomy
Opsteld troch : 
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen fan de FNP

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, binnekaam op 3 febreraris, beantwurdsje wy neikommend.

Jo setten jo fragen útein mei neikommende ynliding:

Stipe koroana-maatregels

Regionale ekonomy en it stimulearjen dêrfan is ien fan de kearntaken fan de provinsjes. Yn Fryslân is it MKB in grutte sektor, dy't yn it belied ek al jierren omtinken kriget en dy't de nedige stipe krijt. Op dit stuit hawwe ûndernimmers te krijen mei de koroanamaatregels en kompensearjende stipe-pakketten út de Ryksoerheid wei. Dêrneist hat de provinsje syn eigen pakket. De FNP-fraksje krijt op dit stuit in soad sinjalen dat de lanlike stipe-pakketten net foldogge, net oanslute by de lytsskaligens fan it bedriuwslibben yn Fryslân en dat de kritearia te strang binne om yn oanmerking te kommen. Ut streekrochte kontakten mei sawat 40 ûndernimmers hat ús dat bliken dien. It giet ûnder oare om de 'Tegemoetkoming Vaste Lasten' (TVL). Jo moatte minimaal € 3000 fêste lêsten yn de moanne hawwe wolle jo yn oanmerking komme. De 'partnertoets' (ynkommen fan >€ 1500 fan de partner) by de

TOZOregelingen soarget der ek foar dat in soad ûndernimmers bûten de boat falle. De NOW-regelingen (85% kompensaaasje fan leankosten) wurde fansels op priis steld, mar troch de doar fan de krisis wurdt de situaasje nepend en sille hieltyd mear wurknimmers ûntslin wurde. Begjinnende ûndernimmers kinne al hielendal dreech oan kompensaaasje komme, om't hja krekt foar of oan it begjin fan de krisis noch gjin omset draaiden. Dêrneist wurdt ek kritysk sjoen nei it eigen Fryske koroanapakket. Wat hawwe ûndernimmers yn de hoareka oan in barista-trening of kursus enerzjybesparing as jo net iens ynvestearje kinne en de jildstream oprûget? Wy freegje ús ôf oft it Kolleezje dizze sinjalen ek krijt en hokker aksje DS dan dwaan sille rjochting polityk-Den Haach om ûndernimmers yn Fryslân te helpen. De FNP is fan betinken dat op koarte termyn aksje nedich is en hat dêrom in tal fragen.

Fraach 1

Is it Kolleezje bekend mei (boppeneamde) sinjalen dat it benammen foar it MKB yn Fryslân dreech is om oan de kritearia foar de lanlike stipe-pakketten te foldwaan? En dat in soad bedriuwen it dêrtroch dreech hawwe? Binne jim it mei ús iens dat de kâns oanwêzich is dat jierrenlange ynset fan de provinsje foar it eigen MKB no teneate dien wurdt?

Antwurd fraach 1

It kolleezje ken en werkent de sinjalen dat zzp'ers en starters mar min oan de lanlike stipe-pakketten foldwaan kinne en dat se it, as der gjin nije businessmodellen ûntwikkele wurde kinne, dreech hawwe. Dat is in lanlik probleem, wêrby't benammen de sektoaren hoareka, ferfier & opslach en de oare saaklike tsjinsten hurd rekke wurde sa docht bliken út sifers fan de banken. De oerheid hat dêrom oankundige dat se mei nije bredere regelingen komme, wêrby't bygelyks de TVL (tegemoetkoming Vaste Lasten) foar hast alle ûndernimmers, dy't harren bedriuw foar 15 maart 2020 yn it Hannelsregister fan KvK ynskreaun hawwe, beskikber is. Foar in pear spesifike sektoaren is dêrby ekstra stipe. Mei dy stipe tinke wy dat de oerheid har maksimaal ynset om it mkb te styppen.

Fraach 2

Wat sille DS dwaan yn de lobby en kontakten mei regear en Twadde Keamer om de kompensaaasje-pakketten better oanslute te litten op de lytsskaligens fan it MKB yn Fryslân?

Antwurd fraach 2

Lykas oanjûn sille de nije pakketten breder wêze en dêrmei, sa wurdt ferwachte, better op it Fryske MKB oanslute.

Fraach 3

Is it Kolleezje ek dwaande mei de evaluaasje fan de besteande, eigen regelingen (Frysk koroana-pakket)? Sa ja, hawwe jim, yn oerlis mei de sektoaren, al ferbetterpunten konstatearre om better oan te sluten by it ferlet? Sa ja, kinne de Steaten fan Fryslân dy krije?

Antwurd fraach 3

De evaluaasje fan de eigen regelingen binne wy no kwantitatyf oan it meitsjen en sille wy ek yn it brief rjochting PS meijaan. De útkomsten dêrfan sille meinommen wurde yn it útstel foar it twadde No en moarn-pakket. Dat útstel ferwachtsje wy ynkoarten oanleverje te kinnen. Agendearring fan it útstel wurdt bepaald troch de agendakommisje, om't it oan no ta net op de planningslist stie.

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter


R.E. Bouius-Riemersma, MBA MCM, sekretaris

foar dizze, de loko-provinsjesekretaris